

Hans Brans

# **JO BINNE MYN HEIT**

In koarte plattelânskomeedzje yn trije sênes

Fryske oersetting fan  
Tineke Hoekstra

Oarspronklike titel: U bent mijn vader

StUFT  
Ljouwert, 2018

*Dit eksimplaar is alline om yn te sjen*

# **OPFIERINGSRJOCHT**

Rjocht fan opfiering fan dit toanielwurk moat oanfrege wurde by:

## **AUTEURSRECHTENBURO**

**BREDERO**

**Valeriaanstraat 13**

**1562 RP Krommenie**

**tel. 075-6409076**

Om it rjocht te krijen moat oan de folgjende betingsten foldien wurde:

- 1: Oankeap fan op syn minst 9 boekjes by de Stichting Utjouwerij Frysk Toaniel (St.U.F.T. – [www.stuft.nl](http://www.stuft.nl))
- 2: Beteljen fan it opfieringsrjocht oan boppeneamd buro.

Hoe krije jo tastimming foar opfiering:

1. Folslein ynfollden en opstjoeren fan it by de boekjes levere.  
oankeapbewiis nei boppeneamd buro, op syn minst 14 dagen foar de 1ste foarstelling.
2. Jo krije dêrnei berjocht fan it te beteljen bedrach.
3. Jo betelje it bedrach foar de plande útfiering.
4. Jo krije de opfieringsfergunning tastjoerd.
5. Fierdere opfieringen moatte op 'e tiid telefoanysk of skriftlik oanfrege wurde.

Op grûn fan de Auteurswet is it opfieren fan toanielwurken sûnder fergunnin strafber. Der fynt gerjochtlike ferfolging plak en de jildende rjochten wurde ferhege mei 100%.

## **AUTEURSRJOCHT IS IT LEAN FOAR DE AUTEUR**

Neat fan dizze útjefte mei fermannichfâldige en/of iepenbier makke wurde troch middel fan printsjen, fotokopy, byldbân, fideobân, of op hokker oare wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan it Auteursrechtenbureau Bredero te Krommenie, hokker buro út namme fan de útjouwer hannelet. It is ek ferbean om gebrûk te meitsjen fan krigen, liende, hierde, kopiearre of fan oare, net by de útjouwer kochte boekjes.

## **‘Jo binne myn heit’**

Dit stik spilet him ôf yn in tsjerke. It leafst yn in echte tsjerke en oars op in toaniel dat in tsjerke suggerearret. De dûmny kin ferfong wurde troch in pastoar. It spilet him ôf yn de sechstiger jierren fan de tweintichste iuw. De achtergrûn fan it stik is it plattelân en hoe’t dat yn ‘e rin fan de jierren bot feroare is. Hjir is dat it Fryske plattelân, mar (plak)nammen kinne nei eigen winsken oanpast wurde.

By in doopplechtichheid fan de foarname famylje Gerlsma, wiist in ûnbekende frou Willem Gerlsma oan as har heit. As hy it net is, wa dan wol? Wylst de kosteres de minsken troch de tiid loadst, siket har dochter om de echte heit. Der is, behalve in doop, in begraffenis en in hast mislearre houlik, ek noch in ferkeard begrepen gedicht foar nedich om doch noch ta in ‘happy end’ te kommen.

‘Jo binne myn heit’ jout in leafdefol portret mei in knypeach nei it plattelân dat der net mear is, dêr’t iderien syn plak hie, mar guon ek net.

Mei tank oan Willem Abma,  
skriuwer fan it gedicht ‘Ode aan de koe’.

## Personaazjes

Akke	± 46 jier
Pereboom, dûmny	± 48 jier
Ant Annema, kosteres en de mem fan Sjoukje	40-60 jier
Sjoukje Annema, de frou fan Geart	± 29 jier
Geart Gerlsma, de man fan Sjoukje	± 36 jier
Willem Gerlsma, de heit fan Geart	âlder as 70 jier
Froukje Gerlsma-Rinia, de mem fan Geart	âlder as 60 jier
Gerben Gerlsma, de broer fan Willem	± 59 jier
Wimpy Boonstra, in neef fan Willem en Gerben	± 40 jier
Kees*, de man fan Ant Annema	

\*dit kin in dûbelrol wêze mei Willem Gerlsma

## Sêne 1

(Ant Annema, de kosteres, set dingen klear foar de doop, ferwolkomet it publyk as tsjerkongers, wiist harren in plak ta en dielt lietteksten út. Akke, in wat ferwyldere frou yn in âld reinjas, rint tusken de minsken troch achter Ant del en giet dan sitten op ien fan de stuollen, dy't reserrearre binne foar de famylje, by it doopfont. Dûmny, yn tenu, rint fan de yngong nei foaren. Ant besiket de minsken stil te krijen troch te beljen mei in beltsje of te kichen)

Dûmny:

Gemeente en oare oanwêzigen. Wy binne hjir hjoed om in nij libben te fieren. Dalik sille we oergean ta de doop fan: Willem Geart Gerlsma. Mei ik jim fersykje om stean te gean, sa gau't de famylje binnenkomt? Dan begjinne we mei Psalm 123 op side 456, op in beriming fan, even sjen, Annie M.G. Schmidt:

‘O sjoch diz’ dei sil strieljend en bliid begjinnen dêr glimmend mei de goud omrâne kime.’

(hy rint werom om de famylje op te heljen)

Annema:

(tsjin Akke) Nim my net kwea ôf mefrou, dizze stuollen binne reserrearre foar de famylje. Mei ik jo freegje om dêr sitten te gean?

Akke:

Mar ik hear ek by de famylje, yn sekere sin dan. Dus...

Annema:

O, fan de kant fan de Gerlsma's? Dat wist ik net. Ik bin Ant Annema, de mem fan Sjoukje.

Akke:

Fan de kant fan de Gerlsma's, ja. Akke. Mar net fan Folsgeare. Us mem wol hear. Wie in echte Folsgeaster. Mar... no ja... dus... it is noch in ferrassing. Foar de famylje. Dus...

Annema:

O... krekt. Dan, eh... moatte we mar begjinne. (de doar giet iepen en de famylje komt deryn. Dûmny set dalik it liet yn op de wize fan in bekende meldij en de kosteres set de minsken oan om mei te sjongen fan it papier dat se útdield hat.

‘O sjoch diz’ dei sil strieljend en bliid begjinnen  
dêr glimmend mei in goud omrâne kime.’  
Wa’t as in kwartsje op ‘e wrâld kaam is  
yt aanst gesellich syn bûkje fol, da’s wis  
Mar wa’t in dûbeltsje bliuwt oant syn dea  
hâldt de pet yn ‘e hân en yt genedebrea  
Sa hie God dat neffens ús betocht  
of is der immen dy’t dat oars sjocht?

(yntiid rint de famylje sjongendewei stadich nei foaren. Geart Willem  
rint foarop mei syn frou Sjoukje, dy’t harren poppe op ‘e earm hat.  
Dêrachter Geart syn heit, Willem Geart Gerlsma en syn frou Froukje.  
Dêrachter Gerben, Wimpy en twa tienderdochters. De famylje sjocht  
wat frjemd nei de frou op ‘e achterste rige, mar negearret har dan)

Dûmny:

Binne jo de heit?

Geart:

Ja, dat bin ik, Geart Willem Gerlsma. Ik bin hjir om myn soan,  
Willem Geart Gerlsma dope te litten.

Dûmny:

Wolle jo dan hjir sitten gean? Hjoed fiere wy de komst yn ús midden  
fan in nije telch oan in âlde stam. De famylje Gerlsma buorke hjir al  
yn de sechstjinde iuw en hat altyd in pylder west fan de tsjerke en de  
mienskip. En hoewol’t Gerlsma State inkele jierren lyn romte meitsje  
moast foar in nij yndustryterrein en Geart Gerlsma, de heit fan de lytse  
Willem, mei syn frou meikoarten emigrearje sil nei Nij Seelân, fiele  
wy ús dochts o sa ferbûn mei dizze famylje, dy’t safolle betsjutten hat  
foar Folsgeare.

Akke:

Jawis. Dus... (minsken sjogge har frjemd oan)

Dûmny:

In bân dy’t fansels fersterke wurdt omdat ek de grutske mem fan de  
lytse Willem Geart Gerlsma, Sjoukje Annema, in echte Folsgearster  
wurden is, sûnt sy hjir mei har mem Ant, ús geweldige kosteres, yn de  
nijbou kaam is te wenjen.

Akke:

No! Dat wist ik dan wer net. (minsken sjogge har yrritearre oan)

Dûmny:

Sa ferbynt âld him mei nij en sprekke wy de hoop út dat sizze soan fan Folsgeare helpe sil om de takomst foarm te jaan, hjir of wêr dan ek op Gods ikker. Mei ik de âlders fan de dopeling no freegje om nei foaren te kommen en ek de peetheit en de peetmem. (Akke gier oerein, maar giet wer sitten as, nei de âlders, Wimpy Boonstra en Ant Annema nei foaren komme) Willem Geart Gerlsma, ik doop dy yn de namme fan de Heit, de Soan en de Hillige Geast. (hy sprinkelet wetter oer it holtsje fan de poppe, dy't fuortendaliks begiint te gûlen. Dûmny is noch mar amper te ferstean en moat hieltyd lûder prate om der boppe út te kommen) Dat de Heare God de bern fan jo heit begeliede mei, sa't Hy ek de heiten fan jo heiten begelied hat, want alle wegen liede dan neffens guon minsken nei Rome, mar der is mar ien wei dy't nei de Heit liedt en wy binne op ierde kaam om dy wei te gean, dy't úteinlik dus wer nei de Heit liedt, sadat wy nei it libben op ierde wer by Him útkomme, want is net beskreaun 'Lit de berntsjes ta my komme' en (ferheft de stim) 'Wa't de Heit siket, sil it ivige libben fine.'

Akke:

Hoera! Foar Willem! Foar de soan! Lang libje de heit. Want tank sij de soan, ha ik de heit fûn! (de poppe is op slach stil)

Willem:

Mefrou, asjeblyft.

Akke:

Dat is 'm. Ik kin it net langer foar my hâld. Ik ha de heit ek fûn. (de famylje giet oerein, se prate trochinoar hinne)

Froukje:

Wat is dit foar fertoaning?

Sjoukje:

Wa is dy frou Geart?

Geart:

Al slachst my dea.

Wimpy:

Folslein yn 'e war.

Gerben:

Miskien even nei bûten?

Annema:

Mefrou, sille we even nei bûten gean?

Akke:

Nee, wacht, stop. Sorry, ik kin it útlizze. Ik gean sa mei jo mei, leave mefrou, mar ik moat it no sizze. It duorret net lang. Asjeblyft.

Annema:

Wat dan?

Akke:

(plechtich) Willem Geart Gerlsma.

Sjoukje:

Sa hjit ús soantsje.

Akke:

Ja, mar ek...

Geart:

... syn pake, myn heit.

Akke:

Willem Geart Gerlsma. Miskien kinne jo better earst even sitten gean.

Willem:

Ik?

Akke:

Ja. (Willem giet as iennige sitten. Nei in koarte stilte:) Jo binne myn heit! (de famylje dy't noch hieltyd stiet, begjint wer trochinoar hinne te praten)

Froukje:

Bespotlik.

Geart:

Dit leaust dochs net?

Gerben:

Gefoel foar teater hat se wol.

Wimpy:

Is dit in televyzjeprogramma? Wêr stiet de ferburgen kamera?

Froukje:

Wat wol dat mins? Wat wol se?

Geart:

Dus sy soe myn suske wêze? Of healsuske?

Dûmny:

Kinne we dit miskien op in oar momint... Ik ha aanst noch in brulloft.

Annema:



As jo no even mei my meikomme... (se wol Akke meinimme)

Akke:

Nee! Ik ha 42 jier wachte. No bin ik oan 'e beurt. Ik lit my net fuortjeie, lykas ús mem. Ik bin hjir kaam en ik bliuw hjir.

Willem:

Wa is dit?

Froukje:

Dat mins is yn 'e war.

Gerben:

Hoe hjitst dan?

Akke:

Akke de Boer.

Gerben:

En wa wie dyn mem?

Akke:

Foekje de Boer, in dochter fan Auke de Boer. Myn pake wurke by jo heit, Geart Gerlsma. (tsjin it publyk) En lit syn pakesizzer no ek Geart hjitte. (wol de heit fan de poppe in hân jaan) Dach broer!

Froukje:

Hoe komt se der by?

Akke:

Dat hat ús mem my sels ferteld, mefrou.

Willem:

Ik bin dyn heit net. It muoit my wol, mar ik ha ien bern en dat stiet hjir.

Sjoukje:

Akke, wêrom tinkst dat myn skoanheit dyn heit is?

Akke:

Dat hat ús mem my ferteld, krekt foardat se ferstoar. Se wurke as faam by har syn famylje en doe hat er har swanger makke. Mar ik bin hielendal net lilk op jo, hear.

Willem:

Moai! Ik woe dat ik itselde sizze koe.

Akke:

Syn heit en hy (wiist nei de dûmny) no, syn foargonger dan, dy ha ús mem fuortstjoerd, hjir út it doarp wei. Ik ferwyrt jo neat hear, want se sille it wol bûten jo om regele ha, sei ús mem. Mar fan jo heit en fan

him, no ja syn foargonger dan, wie it in smoarge rotstreek. Want in dochter fan in boerefeint, dy't swanger wie fan de soan fan in heareboer, dat koe net fansels. Dus ús mem moast fuort. En doe moast se my ôfstean. Se krige wurk by in famylje yn Snits, se moast dêr poetse en himmelje.

Willem:

Se betinkt it gewoan. Ik bin har heit net.

Froukje:

Ik leau dy, Willem.

Akke:

O, him wol en my net, hin? Want hy is in Gerlsma en ik net, hin? No, moai wol. Ik kin it bewize.

Sjoukje:

Se sil it doch allegear net betocht ha?

Gerben:

Ik wit noch wol wa't dy Foekje wie. Se siet in klasse leger as do en twa klassen heger as ik. Der wienen wol mear fan Auke de Boer, dy't by ús wurke ha. De Boer, fan de Smidstrjitte.

Willem:

Dat wit ik. Mar ik ha neat mei dy Foekje hân. Wat mienst wol? Sy wiene herfoarme, wy grifformeard. Tochtst dat ik mei in faam yn de heaberch lein ha te rolleboljen? Se is by ús weigien, doe't ik krekt yn Grins studearre. Ik wie sa grien as gers. Ik doarde in famke net iens in tût te jaan.

Sjoukje:

Hoe âld wiene jo doe't dy Foekje fuortgie?

Geart:

Sjoukje!

Sjoukje:

It is doch in gewoane fraach?

Willem:

Njoggentjin, tweintich miskien. Mar wat sy seit, dat diene wy net yn dy tiid, echt net. Se docht krekt oft it libben in streekroman is. Ferdomme, ik wie it net. Wier net.

Dûmny:

Lit ús de namme fan de Heare net misbrûke.

Akke:

(smyt har op Willem syn skonken en klamt har dêroan fêst) Heit! Toe, ik bin net liik, ik ferjou it jo. Mar ik bin ek in bern fan dy. Sjochst net hoefolle wy op inoar lykje? Ik ha sa lang wachte. Do bist it, do bist myn heit.

GerbenN:

Dit begjint hieltyd mear op in streekroman te lykjen.

Wimpy::

Ik kin my dy Foekje ek noch wol heuge. Dy miende dat se hiel wat wie. (yntiid besiket Willem los te kommen út de tentakels fan Akke, mar dat slagget net)

Akke:

O heit! Heity! Heity!

(Willem falt, Akke falt boppe op him. Kommoasje. Dan springt Akke ynienen oerein. Willem bliuwt deastil lizzen, Froukje jout in gjalp, iderien bliuwt stokstiif stil stean, oant Willem ynienen wer begjint te sykheljen)

Froukje:

Willem, we geane. En dat mins wol ik noait wer sjen. (hy wurdt mei muoite oerein holpen. Dêrnei giet elk nei in hoekje fan it spylflak om wat út te rêsten en om te ferklaaien. Allinnich Akke, Gerben en Sjoukje bliuwe oer. Akke is yn triennen)

Akke:

Hy wol my net kenne. Hy wol my gewoan net kenne. Us mem hie my al warskôge. It binne rotsakken, dy Gerlsma's.

Sjoukje:

Ik fyn it hiel sneu foar dy Akke, mar wêrom bist der sa wis fan dat Willem Geart Gerlsma dyn heit is? En wêrom komst der no pas mei?

Gerben:

Ik bin bang dat it allegear ferkeard begrepen is, famke.

Akke:

O ja? En dit dan? (se hellel in steapeltsje brieven foar 't ljocht en jout se oan Gerben) Allegear leafdesbrieven, oan 'de leafste jonge fan Gerlsma State'. Dy ha ik fûn, doe't se stoarn wie.

Gerben:

Mar se binne net ferstjoerd.

Akke:

No en? Us mem hat it froeger wol hûndert kear ferteld. Dat se op Gerlsma State wurke as tsjinstfamke. Har heit mocht as feint net iens yn 'e keuken komme. En dat ien fan de jonges fereale op har wie en har ferliede en swanger makke. En dat harren heit, dy rotsak, doe méi de dûmny derfoar soarge hat, dat se noait mear yn Folsgeare terjochte koe. Mar ik kom werom. Ik sil hjir wenje. Dit is myn plakje, hjir hear ik thús. En as alle Gerlsma's hjir wei binne, dan wenje ik hjir noch.

Sjoukje:

Wêrom woe dyn mem net fertelle wa fan beide broers it wie?

Gerben:

Ik wie it ek net hear. O heare nee.

Akke:

Jo wienen it net. It wie jo broer.

Sjoukje:

Hoe witst dat no? Jim mem woe it net sizze.

Akke:

Earst net, omdat se lilk wie. Omdat se har sitte litten hiene. En de-, de-, Hoe hjit dat? Deportearre! Mar doe't se hast dea gie, ha ik har krekt salang oan 'e kop sitten te seuren, dat it derút kaam. 'Willem Gerben hjit er.' Ik moast har belove dat ik der net hinne gean soe, mar ja, doe't se dea gie, hold ik it net mear út. In mins wol doch in heit ha?

Gerben:

Willem Gerben? (Sjoukje en hy sjogge inoar oan)

Sjoukje:

Myn skoanheit hjit Willem Geart. En myn omke hjir, hjit Gerben Jouke. Dus wa wie it no? Willem? Of Gerben?

Akke:

No ja, dan sil ik it wol net goed heard ha. Se wie oan it brabbeljen. En se hie it gebit der net mear yn. Mar se sei dúdlik Willem. Dêr bin ik wis fan.

Gerben:

Ik hoopje mar dat Willem dit oerlibbet. (Sjoukje, Gerben en Akke geane nei it ferklaaiplak, dêr't iderien it feestlike doop-tenu ferwikselet foar stimmige begraffenisklean. As earste komt Ant Annema wer nei foaren mei in skaal keek, dy't se oan it publyk útdielt, wylst se fertelt)

## Sêne 2

Annema:

Net dus. Willem Geart Gerlsma ferstoar in moanne letter. Ik ha heard dat er fan in keukenstrepke fallen is, mar neffens syn frou hie er it oan it hert krigen.

Froukje:

(fan achteren) ... troch 'dat aaklike bern'!

Annema:

No, Akke fûn it net erch om aaklik neamd te wurden. Har mem hie har leard wat it wie om in ferskoppeling te wêzen. In aaklik bern wie ek in bern en dit bern wie sels in Gerlsma, oft se it der mei iens wienen of net. Sei se. Mar in Gerlsma bist net samar. Mei myn dochter Sjoukje wie se noch ien kear by Willem thús west, doe't syn frou Foekje by har suster útfanhûs wie. Dêr hie se him de leafdesbrieven fan Foekje foar de fuotten smiten, as it ultieme bewiis. It stie der allegear yn: dat hy de moaiste jonge fan it doarp wie, dat sy dan wol de dochter fan in boerefeint wie, mar dat leafde alles oerwûn, dat se dêrfoar bêst grifformearde wurde woe en dat se him letter bern jaan soe.

Willem:

(fan achteren) Mar dy brieven ha ik noait krigen!

Annema:

- sei Willem.

Sjoukje:

(fan achteren) As se echt ferstjoerd wienen, hoe koesto se dan by jim mem fine?

Annema:

- hie myn dochter frege. Akke fûn dat mar splintersykjen.

Sjoukje:

En wêrom hie Foekje noait kontakt mei Willem socht, doe't se swanger rekke wie en hy yn Grins studearre?

Annema:

Skerp hin, dy dochter fan my. En ek leaf. Mar Akke liet har net út it fjild slaan.

Akke:

Wêrom is er noait nei hár tagien?

Sjoukje:

Miskien omdat er net wist dat jim mem swanger wie.

Akke:

Ja ja, sa kinne jim alles goed prate.

Annema:

Doch wist Sjoukje har skoanheit oer te heljen om him teste te litten. Om Akke wissichheid te jaan. Willem Gerlsma stimde benammen ta om oan alle gedoch in ein te meitsjen. Dus regele Sjoukje in ôfspraak by it ûndersykssintrum foar in bloedtest. (Want DNAtesten wiene der noch net yn dy tiid) En doe, de jûn dêrfoar.

Willem:

(falt achter del) Aaarch!

Annema:

- wie dêr dus dat keukenstrepke. It binne de lytse dingen yn 't libben dy't der ta dogge, no? (yntiid is de rest fan de famylje weromkaam, dûmny foarop, mei tryste gesichten. Allinnich Willem en Wimpy binne achterbleaun. Froukje, Geart en Sjoukje nimme de kondolêansjes fan de oaren yn ûntfangst. Ant deelt keek út)

Froukje:

It wie in moaie tsjinst, dûmny.

Dûmny:

Tanke wol. (tsjin Gerben) Jo ha moai sprutsen Gerlsma.

Gerben:

Tanke wol.

Geart:

(sjocht Akke, dy't har as iennige net ferklaaid hat) Wat docht dat mins hjir? Dit is allinnich foar famylje en dêr hearsto net by.

Sjoukje:

Toe Geart, moat it no sa?

Akke:

It spyt my fan jo man, mefrou. Willem wie in leave man en fêst in hiele goede heit. (tsjin Geart) Do holdst fan him. Mar ik ek, op myn manier.

Froukje:

Bern, hy wiè dyn heit net. It begrutte him datst sa graach in heit ha woest en datst dy net krigest. Want hy wie it net en hy tocht datsto dat no ek wol ynseachst. Dêrom freegje ik dy mei klam om it no rêste te

litten. Gean út dit doarp wei, de wrâld is grut, ier of let libje we allegear fierder sûnder heit of sûnder man. Lit it rêste, asjeblyft.

Akke:

Seker mefrou, ik wit it. Willem wie myn heit net.

Geart:

Hè hè, god sij tank. Se jout it ta.

Sjoukje:

Hin? Mar wêrom moast hy dan sa nedich dy test dwaan?

Froukje:

Watfoar test?

Akke:

Willem Gerlsma wie myn heit net. Want dat binne jo, Gerben Gerlsma.

Sjoukje:

Akke, wat seist no?

Geart:

O nee, dêr geane we wer.

Gerben:

En mei ik freegje hoe'tst dêr sa bykomst?

Akke:

(jout him in mei de hân skreaun stik papier)

Hjir stiet it yn. Swart op wyt. Ik hie my gewoan fersint. Us mem sei Willem Gerben en ik tocht dat it Willem Geart wêze moast, mar it is Gerben Willem Gerlsma.

Gerben:

It is Gerben Jouke, mar goed.

Annema:

Bliuwt lêstich hin, dy dûbele nammen.

Sjoukje:

Wat is it?

Gerben:

In gedicht.

Akke:

En fan wa is dat hânskrift? No, fan wa?

Gerben:

Fan my, sa te sjen.

Akke:

Asjebleaf, wat ha'k sein? Ik ha fan Sjoukje heard dat jo dichter wienen. Dus it kloppet as in bus.

Geart:

Dat sil se dan wol earne pikt ha.

Sjoukje:

Akke, hoe komst hjiroan? Wat is it? Wêrom bewiist dat papier dat omke Gerben dyn heit is?

Akke:

Ik ha justerjûn noch es socht yn it guod fan ús mem en doe fûn ik it. In gedicht oer hoefolle hy fan har hold en ús mem hie it fan him krigen. Sjoch mar, syn namme stiet derûnder: Gerben Gerlsma. En der stiet ek noch in jiertal by. It kloppet as in swollene finger.

Geart:

En doe lies se dat gedichtsje en doe waard se swier. Hupakee.

Akke:

Hy hat it doch skreaun? Wêrom hat er der dan noait oer praat? Dat hy fereale wie op myn mem?

Froukje:

Wat stiet deryn Gerben?

Akke:

Wêrom hast it dien, heit?

Gerben:

Sil ik it earst even foarlêze?

Akke:

Graach, want ik koe der net safolle wiis út wurde.

Gerben:

(lêst)

Sa ûndogensk Foekje atsto it diest  
sa'tst lâns donkere lippen dyn tonge glide liest  
Dyn sturt oer de stjerren fage en it ljocht fan de sinne  
kôgjend tearde dyn hals om dy fan my hinne  
Do naamst my op yn dyn eagen fan fruchtberheid  
yn dyn pupillen seach ik in wrâld fan folchsumheid  
Yn dyn eagen spegele it gers fan it lân  
ik wie de brêgeman en do de breid, wy hiene in bân

Akke:

No? No? Wat ha'k sein?



Sjoukje:

Dit is wol nuver ja.

Froukje:

Hoe kin dit no, Gerben?

Geart:

Mar dit bewiist doch neat?

Gerben:

Dit gedicht is fan my, dat is wier.

Akke:

Aha!

Gerben:

Ik ha it skreaun, doe't ik in jier of tweintich wie. En ik bin it al sa'n fjirtich jier kwyt. It is miskien pynlik om te sizzen, mar it is krekt oft ik in bern, dat ferlern wie, werom fûn ha.

Akke:

Sjochst no wol! Heity! Heit, ik ferjou it dy! (se fljocht 'm om 'e hals)

Geart:

Dêr gean' we wer.

Gerben:

Ik bin allinnich bang Akke, datsto dat bern net bist, want ik bin likemin dyn heit, as myn broer Willem.

Akke:

Hoe kinst dat no sizze? Smoarge liger! It stiet hjir doch swart op wyt? 'Foekje'. Wêrom ûntkenne jimme altyd alles?

Gerben:

Dit giet oer in oare Foekje.

Akke:

In oàre Foekje? Hoefolle hiest der dan, smearlap?

Froukje:

Ja, no wurd ik ek nijsgjirrich, Gerben.

Akke:

Se lulle harren der altyd wer út, dy Gerlsma's, altyd. Us mem hie my al warskôge.

Gerben:

Foekje, de Foekje fan dit gedicht, wie in ko.

Akke:

In ko? In ko?! Sa praatst hjir net oer myn mem.

Wimpy:

Jim hienen in ko ja, dy hjitte Foekje. Dat is wier. In echte priisko.

Sjoukje:

En oer dy ko ha jo in gedicht skreaun?

Gerben:

Ik hold fan kij, lykas wy allegear.

Akke:

Toe mar, ek noch seks mei bisten. Je sille mar sa'n heit ha.

Geart:

Hâld do dy no es even stil, hiel even ja?

Gerben:

Ik beseftte op dy leeftyd ynienen dat dy moaie, grutte, geduldige bisten ús alles jouwe wat se ha en dat alles wat wy yn it libben krigen ha, eins fan harren kaam. De ko, dat wie de mem fan ús hiele bestean.

Sjoukje:

(lêst nochris) "Kôgjend tearde har hals 'm om dy fan my... Yn dyn eagen spegele it gers fan it lân.' Ja, no'tst it seist.

Akke:

En dan neame se my in fantast. (fan dat momint ôf sakket Akke stadichwei fuort yn fertriet)

Gerben:

As ik dit gedicht oan dyn mem jûn hie, dan hie ik it doch earst even kreas oerskreaun? Boppedat, ik wie sechstjin, santjin. Se wie twa jier âlder as ik.

Sjoukje:

Mar hoe kaam se der dan oan?

Wimpy:

Miskien stikem pakt fan syn wurktafel. Of út 'e papierkoer helle. (stilte)

Annema:

Frou Gerlsma, der steane noch minsken te wachtsjen, dy't jo kondolearje wolle,

Froukje:

(tsjin Akke) Ik sil net sizze datst myn man it grêf yndreaun hast, mar... hoewol. Nee, dat wol ik eins wòl sizze.

Geart:

Mem, toe.

Froukje:

Se tinkt dat de hiele wrâld om har draait, of net soms. Dat sy de iennige is dy't ien ferlern hat.

Sjoukje:

(tsjin Geart) Gean do mar fêst mei jim mem mei. Wy komme deroan. (Geart nimt syn mem mei en giet ôf. Dûmny komt wer even werom, in kofjekanne yn 'e hân)

Akke:

(yn triennen) Se hat har man ferlern. En wat ha ik? Net iens in deade heit. Ik ha neat om te ferliezen. It draait yn dizze wrâld om de Gerlsma's hear, echt net om my. (se lit de moedfearren hingje)

Dûmny:

We komme allegear út de tsjusterens, famke. En we geane der allegear wer yn werom, wêr't we ek hinne gean, wa't we binne, wa't God is. Mar miskien hoege we it ek net te witten. God wit wol wa'tsto bist.

Akke:

Ik leau net yn God.

Dûmny:

No en? Hy leaut wol yn dy. Hy wit datst net minder bist as in oar.

Akke:

Tanke wol, dûmny. (as dûmny wer fuort is) En doch wol ik witte wêr't ik wei kom.

Sjoukje:

Wa hat Foekje swanger makke? Wat is der doe bard?

Akke:

It wie in Gerlsma. Us mem hat dat wol hûndert kear sein.

Gerben:

Wêrom hat se dat noait tsjin ús sein?

Akke:

Omdat jim har fuortstjoerd ha. Dêrom.

Sjoukje:

Wat kan der no krekt bard wêze? (se tinke nei)

Wimpy:

Miskien dat ik it wit. (elkenien sjocht ferrast op) Mar miskien ek net. Of net hielendal. Of hielendal net.

Akke:

Wa is dat?

Sjoukje:

Wimpy is de jongste soan fan tante Sytske, de âldste suster fan Willem en omke Gerben. Mar tante Sytske ha ik noait kend.

Akke:

Ek sa'n echte Gerlsma dus?

Gerben:

Hoe âld wiesto doe't Foekje by ús weigie, Wimpy?

Wimpy:

Fjirtjin, fyftjin. Ik siet wol es by har yn 'e keuken, as se ierappels skile moast of de wask oan it optearen wie. En dan hie se it faak oer jim, omke Willem en omke Gerben. Nei Jezus kamen de beide bruorren sa ûngefear. Se fereare jim, mar dat liet se fansels noait merke. Foar Foekje wie it libben altyd earne oars en letter. It wachtsjen wie op de prins op it wite hynder. Ik koe it fansels net bewize, mar ik bin der hast wis fan dat se dat gedicht út jo keamer meinaam hat.

Akke:

Dat kin net!

Wimpy:

Of fûn. Of út 'e papierkoer fiske. Se wist alles fan jim, sels de maat fan jim ûnderbroeken. Mar dy beide omkes fan my hiene neat yn 'e gaten. Se sieten freeslik ûnder it plak, want heit wie de baas en wat heit sei, dat wie de wil fan God. God wie de Heit yn de himel en heit wie de god op ierde. En lykas de God yn de himel in Soan hie, sa hie de god op ierde twa hillige soannen, Willem en Geart, neffens Foekje dan. Mar dat hienen jim allegear net yn 'e gaten. Want it iennichste dat jim woenen wie fuortgean, wier of net? Eins krekt sa as Foekje. Tsjin my sei se dat se net kieze koe: Willem of Geart, Geart of Willem. Krekt oft se kieze koe. De dei foardat Willem it hûs útgie om te studearjen yn Grins, sei se tsjin my dat se it him fertelle soe. Dat se fereale wie op Willem en dat se him helpe soe om te flechtsjen nei in nij bestean. Gejeuzel fan in jongfaam fûn ik it, mar ja ik wie in broekje fan fyftjin. Se seach har mei him al foar it alter stean. Dy jûn foardat Willem it hûs útgean soe, wie it doarpsfeest by ús yn 't doarp, de lêste jûn. Doe ha ik har frege om mei te gean. Dan koe se har wat moed yndrinke foardat se har leafdesferklearring ôfstekke soe. Ik tink dat ik har dêr wol in bytsje mei pleage ha. Mar Foekje woe doch mei.

Se tocht ik nim in gleske bier en as ik weromkom, sis ik it. Mar se kaam dy jûn net werom.

Gerben:

Wat wie der dan bard?

Wimpy:

Dat wit ik net krekt. Wy giene mei ús fjouweren, Foekje, ik, Ate, dy wie doe boerefeint by jo heit en in los arbeider, Kees. Dy hie meiholpen mei de risping.

Sjoukje:

En doe?

Wimpy:

Gewoan. Wat dogge je op sa'n doarpsfeest? Ring goaie, kletse, dûnsje. Nei de famkes sjen. En bier drinke. Foar my wie dat de earste kear en neffens my foar Foekje ek.

Sjoukje:

En wiene jo en jo broer dêr dan net?

Gerben:

Gjin sprake fan. Neffens heit dûnse de duvel dêr op 'e tafel.

Wimpy:

Ik mocht ek net fan ús heit, mar ús mem liet my stikem gean. Ja, do wolst doch wol in kear yn dyn libben wat meimeitsje. Afijn. Doe't ik ien hân hie, wie ik Foekje al kwyt. Ik ha har letter noch sjoen en doe siet se neffens my te gûlen, mei Kees, yn in hoekje. Mar doe't Ate en ik werom gean woene, wie se nergens mear te bekenen.

Akke:

En dat moat ik leauwe?

Neffens my hasto har tefolle drank jûn en hasto har swier makke. Hast ergens mei har yn in greppel lein te frijen, om har te treasten of sokssawat. Wat in lamstraal. En dat moat dan in heit foarstelle.

Gerben:

Ho, ho, wacht no even. Wistesto dat Foekje swier wie, doe't se by ús weigie?

Wimpy:

Ja.

Akke:

En dat is dan in Gerlsma.

Wimpy:

Mar dat ha ik moannen letter fan har heit heard, yn it doarsphûs, doe't er in gleske tefolle op hie. En ek dat se doe fuort moast fan dûmny. Mar fan Foekje sels wit ik, dat se noait wat tsjin Willem of Gerben doard hat te sizze. En dêrom bin ik der wis fan dat der tusken har en ien fan dy beide, dus noait wat west hat.

Akke:

Mar dus wol mei dy, fiislak.

Wimpy:

Ik kaam allinnich thús, mei Ate. Freegje it him mar. O nee, Ate is al dea. As se doe op dy jûn swanger rekke is, dan is it neffens my fan dy Kees.

Sjoukje:

En wêr wennet dy no dan?

Wimpy:

Gjin idee. Hy wie los arbeider. Noch foar't Foekje út Folsgeare ferdwûn, gie er nei Dútslân om te arbeidzjen. Der wiene doe wol mear dy't dat diene.

Akke:

Ja, ja, sko it dy Kees mar yn 'e skuon. Dan bisto derôf. Do liichst heite, do stiest gewoan te liegen.

Wimpy:

Ik ha besocht dy te helpen, troch te sizzen wat ik my derfan herinnerje kin. Ik tocht, ik fyn dy wol aardich, mar as stank foar tank wurdt ik útskolden. Ik hie my ek stilhâlde kind, hear (ôf)

Sjoukje:

Hy is lilk. Wimpy is noait lilk.

Gerben:

Ik wit neat mear fan dy Kees.

Akke:

(gûlt) Ha ik lang om let in heit fûn, is it in liger en in fiislak.

Annema:

Moatte jim de famylje net even kondolearje? It is by einbeslút in begraffenis en gjin Opsporing Gemist. Of hoe hjit dat? Opsporing gezocht. Fermist? Fersocht? (Sjoukje, Gerben en Akke geane ôf. Annema dielt rys út)

### Sêne 3

#### Annema:

Sa, as dy fuort binne, kin ik jim even byprate foar it lêste part. Want de tiid hâldt gjin skoft. We binne no trije moanne letter. Jim ha krekt in doop hân en in begraffenis, de beide úteinen fan it libben, sis mar. De entree en de eksit. Mar it part dêrtusken, dat is doch it hichtepunt fan ús útstrûpers, de migjes dy't mar ien dei libje, net wier? En wat is dat dan? Hjir, do krigest ek in hantsjefol rys. Begrypst it? We sille trouwe! Ja wy net, fansels, mar de bruid en de brêgeman. Ik fyn sa'n doop hiel moai hear. En sa'n begraffenis ek. Dat soarte mominten bringt dy doch tichter by wêr't it yn it libben om giet, fynst net? Datst komst en wer giest, hielendal allinnich, helaas pindakaas. Mar trouwe dochst tegearre. Om dy mominten te fieren, fan it begjin, it ein en it stik dêrtusken, dêr is sa'n tsjerke doch foar makke, fine jo ek net? En in houlik, dat is doch de feestlikste belofte fan dyn libben. Ja, ik bin al fjirtich jier mei Kees, net dy Kees fan niiskrekt hear, in hiel oare Kees, en dan binne de brobbeltsjes al lang út 'e prik hear. Dêr draai ik net omhinne. Kees is... de heit fan Sjoukje en, wat sil ik sizze, in bêste man. Kees kin o sa goed in kninehok yninoar sette. Mar wat dy kninen dogge yn dat hok, dêr hat Kees gjin sjoege fan. En dat heart ek by in houlik hear. Sjoch, dûmny is der no noch net, dus dan kin ik noch fluch even sizze wat ik der fan fyn. Neffens my sit it sa. As je trouwe sille, dan fier je in belofte. Datst smoarfereale bist en datst byinoar bliuwe wolst en dat elkenien it witte moat dat jim dat tegearre sa fiele. Dat fier je dan. Dat neame se dan leafde, mar it is folle mear. It is de strik op it kado fan it libben, it knooppunt dêr't alles byinoar komt. Yn 't foarste plak fansels: seks. Dêr hoege we net omhinne te praten. Dat kinne we hjir doch iepen en bleat beprate, of net? Kinst elkoar wol opfrette en do hopest, tsjin better witten yn, dat dat altyd sa bliuwt. Want net ien wol allinnich wêze. En elkenien wol oandacht, leafde, erkenning, waarmte. En at it kin foar altyd. Hoop om 'e nocht fansels. As se meiinoar geane, leafde en seks, ja, dan giet it dak derôf. Dan hast de himel op ierde. Mar hâld dat mar es fol, de himel op ierde. Op 'en doer is dat lestich. Want seks, dat is spanning, aventoer, ûntdekke. Mar leafde hat ek te meitsjen mei dy feilich fiele, befestiging, der foar in oare wêze wolle. Hâld dat mar es by mekoar. En dêrfoar tsjinnet

dus dy belofte. Datst it op syn minst besikest, hieltyd opnij. Ja, sa sjoch ik it hear. (it oargel set Mendelsohns ‘Daar komt de bruid’ yn) O, dêr binne se. Ha ik noch fergetten te fertellen wa’t no trouwe sille. Dat sjogge jim wol. It sil jim fernuverje, dat kin ik jim wol fertelle. Dy rys moast pas goaie as se troude binne, hin. Op ‘e weromreis. (de famylje Gerlisma komt wer op yn feestlike klean, mei korsaazjes: Froukje, Gerben, Sjoukje en Geart, dûmny ek)

Dûmny:

Hjoed is in feestlike dei. De dei dat twa minsken de belangrykste belofte fan har libben ôflizze. In belofte dy’t se oan inoar dogge, mar ek foar God en yn oanwêzichheid fan de hiele gemeente. Mei ik jim freegje om stean te gean, as it breidspear deryn komt en dan sjonge we op de bekende meldij fan Mendelssohn de tekst van, even sjen, Annie M.G. Schmidt

‘Famke wurdt piraat, lear de spagaat,  
of betink in oare gekkicheid, mar trou net yn ‘e goedichheid  
of do krigest spyt fan dyn hastichheid  
Hoe komt dat briefke hjiryn? Frou Annema? (it oargel begiint wer)

Annema:

Sil ik it breidspear ophelje, dûmny? (op in teken giet elkenien oerein. De famylje sjocht tige nijsgjirrich nei de yngong, mar der komt neat. De muzyk hâldt op en we hearre de stim fan Akke. De rûzje tusken har en Wimpy is yn ‘e tsjerke hast net te ferstean)

Akke/Wimpy:

(bûten de tsjerke) Nee, ik gean net. / Dat is doch bespotlik. / Gean mar allinnich. / Ik kin doch net mei mysels trouwe? / Ik gean net sûnder in heit. / Wêrom hast noch ferlet fan in heit, ik bin der doch? / In breid wurdt troch de heit nei it alter brocht. / Dat is doch symboalysk? / Do kinst raze watst wolst, ik gean net. / Doch net sa eigenwiis / (ensfh.)

Gerben:

(flûsteret tsjin Sjoukje) Sjoch do es, wat dêr te rêden is. (Sjoukje giet de tsjerke út. Even letter hearre we har, mei sêfte stim, harrewarjen mei Akke)

Annema:

(komt werom) Even geduld asjeblyft. It komt goed. Meastal komt dizze fase wat letter. Mar dan ha se dat mar fêst hân.

Froukje:



Se helje seker wat tiid yn.

Dûmny:

It komt grif wol goed.

Gerben/Froukje/Geart/Annema:

Grif. Grif. Grif. (stilte)

Geart:

Likegoed, ik begryp ik der neat fan. Wat sjocht hy yn har? Hy hie har heit wêze kind.

Froukje:

It skeelde net folle, of hy wiê har heit.

Gerben:

Ja, lykas ik. En lykas jim heit, sa't se earst sei.

Geart:

Mar begripe doch ik him net. En har al hielendal net.

Annema:

We wolle doch allegear in heit, Geart.

Geart:

Doch net om mei te trouwen?

Annema:

O jawol hear. Jonges trouwe it leafst mei harren mem. Famkes mei harren heit.

Froukje:

Dêr hat Geart gjin lêst fan, hin Geart?

Gerben:

Akke is de minste net. In grutte mûle en in lyts hertsje. Foarme troch ûnderfiningen yn it libben.

Froukje:

Troch har mem, silst bedoele.

Dûmny:

Duorret dit noch lang? Ik ha straks noch in doop. Frou Annema? (Ant Annema wol de tsjerke útrinne, mar dan komt Sjoukje werom)

Sjoukje:

Se is fuort. Se is lilik. Kom mei Geart, we helje har op.

Geart:

Wêrom ik? Lit har gean as se net wol.

Sjoukje:

Doch it dan foar dyn neef Wimpy. Hy sit te gûlen op ‘e gong. (we hearre Wimpy snokken yn ‘e fierte)

Geart:

Okee, goed, goed.

Annema:

Miskien kinne we yntiid in oar ferske sjonge fan Annie M.G. Schmidt. Op side 143 stiet: ‘Trou nooit mei in dichter, myn dochter.’

Dûmny:

Wêr komme dy ferskes fan Annie M.G. Schmidt ynienen wei?

Froukje:

Hat se har echte heit no ek noch fûn, Gerben? (Wimpy komt deryn, in ferknûkele brêgeman, hy snút yn in grutte bûsdoek. Annema slacht him as treast in earm om ’t skouder)

Wimpy:

It wie Kees! Kees. Ik wie it net! Ik bin allinnich mar in sabeare heit, dy’t even ynspringe moat. No en? No en? Dat is dan tafallich wat ik kin.

Annema:

(tsjin it publyk) Myn Kees wie it net hear. Sis Wimpy, hast dronken?

Wimpy:

Allinnich mar in pear beerenburgjes. Omdat ik fan har hâld. Fan dy eagen fol fjoer. Fan dat wylde hier en dy strakke lippen. En dan sjoch ik nei har, sa moai, sa leaf. En dan ynienen komme der kroltsjes om har lippen, de sinne brekt troch de wolken en har eagen strielje en dan wurd ik waarm, sa waarm.

Froukje:

Krekt as by syn mem.

Wimpy:

No en? Mar no is se fuort. Se is fuort. Se komt net werom. Mei ik even flokke dûmny?

Dûmny:

Yn tsjerke? Bist besoademitere!

Froukje:

Hoe sit it no mei dy Kees, Wimpy?

Wimpy:

Lit omke Gerben it mar fertelle. Ik moat even gûle. (syn gesnok en gesnotter is te hearren ûnder it relaas fan Gerben. Dûmny hat yntiid in boekje fûn)

Gerben:

Goed dan. Wimpy hat dy Kees úteinlik opspoard, dy los arbeider. Hy wennet noch hieltyd yn Dútslân, earne by Bremerhaven. Doe hat Sjoukje op Akke ynpraat en úteinlik is Wimpy mei Akke yn ‘e auto dêr hinne gien. Mar doe’t se der wienen, woe Akke net mei nei binnen. Lykas no, sis mar. Dus doe hat Wimpy allinnich mei Kees praat. En dy hat tajûn, dat er op de bewuste jûn fan it doarpsfeest earne yn in greppel mei Foekje lein hat te frijen. Mar hy hat noait witten, dat se swier wie. Hy wie sels ree om in test te dwaan. Moast neigean, dy man is yntiid ek pake. Mar dêr woe Akke neat mear fan witte en se woe ‘m ek net sjen. Ynienen hoegde se gjin heit mear.

Froukje:

Teloarsteld dat se gjin echte Gerlisma wie.

Gerben:

Dat tink ik, ja. Kees wie net de ideale heit.

Froukje:

En Foekje net de ideale mem.

Gerben:

Dêr meie we net te fluch oer oardiele. Foekje wie in fantast, dy’t yn har eigen leagens begûn wie te leauwen. Mar se is wol ferstjitten troch Folsgeare. De dûmny fan doe hat it nei alle gedachten goed bedoeld. Die woe in net troude mem beskermje tsjin de flok fan it doarp. Wat sa gie dat doedestiids. Mar Foekje moat har in ferskoppeling field ha. Se hat it har hiele libben allinnich roaie moatten, sûnder leafde en sûnder jild. Dêrtroch is se in ferbittere frou wurden.

Froukje:

En doe op ‘e weromreis út Dútslân sprong de fonk oer tusken Wimpy en har?

Gerben:

Wat dêr krekt bard is, is in riedsel. Lykas destiids mei Foekje en Kees.

Geart:

Sorry dat ik it sis, hear. Mar is it net in trúk om fia in achterdoar doch noch in Gerlisma te wurden?

Wimpy:

(noch hieltyd snotterjend mei in wite bûsdoek yn 'e hân) No en? No en? Ik hâld fan har.

Annema:

Dat witte we doch. Se komt wol wer werom. Is it hjoed net, dan moarn wol.

Dûmny:

(dy't sêft laitsjend yn in boekje sitten hat te lêzen) Hoe let is it? Ik ha no it heale oeuvre fan Annie M.G. Schmidt út. Ik fyn dat we no lang genôch wachte ha. Myn tiid is spitigernôch net sa ûnbeheind as dy fan Us Leave Hear.

Sjoukje:

(stoarmet de tsjerke yn) Wimpy, fluch. Se komt deroan. Dan kinne we begjinne. Is elkenien klear?

Annema:

Hoe hast dat foarinoar krigen?

Sjoukje:

Ik ha even in heit regele. Om syn dochter wei te jaan oan de brêgeman. Dat woe Akke perfoarst.

Gerben:

In heit?

Geart:

Ut Bremerhaven? Hjir yn Folsgeare? (op in teken fan de dûmny set it oargel de Mendelssohn trou-muzyk wer yn. Akke komt de tsjerke yn, yn in troujurk, earm yn earm mei Kees Annema (dit kin deselde akteur wêze dy't earder Willem Gerlsma spile hat) Hy hat syn wurkklean noch oan en sjocht wat skiepeftich om him hinne)

Sjoukje:

Ja. Se mocht dy fan my even liene. It is in geweldige heit. En syn namme is: Kees. (as Kees hast oan dûmny ta is, nimt Wimpy it oer. Kees rint nei Ant Annema, dy't him in tût op it wang jout)

Dûmny:

Hat immen noch beswier of bin' der gefaren  
binne der miskien mitsen of maren  
Wat jo by de berte ek wiene  
hokker takomst jo ek foar jo hiene  
Wolle jo lusten en lêsten earlik diele  
tegearre deroan wurkje en jo mei-inoar ferbûn fiele

Dan krije jo as akkoart Gods Wurd  
Wat is derop dan jó antwurd?

Akke en Wimpy:

Ja, ik wol! (se tútsje. It pear giet de tsjerke út en spilers en publyk  
goaie rys nei it breidspear.

**EIN**